

Doarp hat binning mei eigen skoalle

In kommisje hat wer in berekking makke fan de prijs fan lytse en grutte skoallen en ferbynt dêr te maklik de konklúzje oan dat oeral mar grutte skoalle komme moatte. Sûnder te sjen nei de kosten fan werklik besteande skoallen.

PIETER VAN ABSHOVEN

Undersiker lytse skoallen

It artikel 'Basisschool als leerfabriek' yn de Ljouwerter Krante (3 april) die my tinken oan in ûndersyk dat Kees van Kooten en Wim de Bie jierren lyn dien ha nei de priis van treinkaartsjes. Hja fûnen dat de priis fan in kaartsje nei Amsterdam yn Den Bosch folle djoerder wie as in kaartsje kocht yn Haarlem. Harren adfys wie dan ek dat as im-

men nei Amsterdam ride woe, hy dat it bêste fanút Haarlem wei dwaan koe.

It is al wer sa'n tweintich jier lyn dat it resultaat ferskynde fan in ûndersyk nei skoallegrutte, en lyk as no wie de konklúzje dat lytse skoallen djoerder wiene as grutte. Deselde argumenten waarden doe brûkt. Ek doe waard de kostpriis jûn fan de alderlytst mooglike skoalle. In skoalle dêr't yn wurklikheid net in soad fan bestean. Mar it smyt wol in spektakulêr grut sifer op. En de suggestje dat der in soad besparre wurde kin.

Yn dyselde tyd die ik ek ûndersyk nei de situaasje fan lytse skoallen yn de Greidhoeke. Doe ha ik de kosten fergelike fan de skoallen rûnom Mantgum mei skoallen yn Delft. En ja de lytse skoallen wiene djoerder. Mar doe ha ik op papier lytse skoallen gearfoege, en ha ik de kosten berekkene, en kaam ik ta de konklúzje dat yn dat gebiet grutte skoallen dochs djoerder útpakke soene as de lytse skoallen. It

gearfoegjen fan skoallen hat sin yn stêden, mar net op it plattelân.

Dat wie allinnich noch mar de finansjele kant fan de saak. Skoallen ha noch oare funksjes as allinnich bern rekkenje en skriuwe leare. It is foar bern goed as hja nei skoal tyd kontakt ha kinne mei klasgenoten. Yn in skoalle mei bern út fjouwer, fiif doarpen ha hja mear kontakten mei bern dy't net yn it eigen doarp wenje, en dy't hja nei skoal tyd dus net sjen kinne.

Foar it ûnderwiis is it kontakt tusken de âlden ûnderling en tusken de âlden en de skoalle fan tige grut belang. Ik ha doe fûn dat as de bern net nei skoalle gean yn it eigen doarp dat kontakt in hiel stik minder is. De bern dy komme wol nei skoalle, dy moatte. Mar om de âlden nei skoalle te krijen, dat is lêstiger as de ôfstân grutter is. Bewenners fan in doarp ha binning mei de skoalle as de skoalle yn it eigen doarp stiet.

En hoe kinne kombiklassen in

probleem foarmje as Jenaplanskoallen dy krekt om pedagogyske en didaktyke redenen ynfiere, ek yn grutte skoallen. Al binne de measte lytse skoallen gjin offisjele Jenaplanskoallen, hja meitsje wol gebrûk fan de ervarings dy't Jenaplanskoallen mei it wurkjen yn kombiklassen opdien ha. In kombiklas is dêrom ek hielendal gjin beheining foar bern, earder oarsom.

No hat in kommisje wer in teoretyske berekking makke fan de prijs fan lytse en grutte skoallen en ferbynt der te maklik de konklúzje oan dat oeral mar grutte skoalle komme moatte. Sûnder te sjen nei de kosten fan werklik besteande skoallen. En al hielendal net nei de finansjele en sosjale gefolgen fan ik opheffen fan echte skoallen.

Drs. ir. Pieter van Abshoven is riedslid yn Alphen aan den Rijn foar GriensLinks en hat yn Fryslân ûndersyk dien nei op lytse skoallen yn de Greidhoeke.